

Minsken út oare gemeenten foarrang by Milieustraat gemeente Ljouwert

Skriftlike fragen fan de FNP Ljouwert ***“oangeande wurkwize Milieustraat Omrin Stiens”*** oan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders sa as bedoeld yn artikel 41 earste lid fan it reglemint fan oarder fan de gemeente Ljouwert.

Acht Kolleezje,

As fraksje fan de FNP Ljouwert binne wy benadere troch ynwenners fan Stiens dy't in tal wiken werom nei de "Milieustraat fan de Omrin" rûn wiene om te freegjen oft it mooglik wie deselde dei noch in bankstel op it stoart te bringen. As buorlju wenje sy 50 meter fanôf de "Milieustraat" en koene sy fanút hûs al sjen dat der gjin auto's foar de poarte stiene en it dus rêstich wie.

Sy waarden lykwols weron stjoerd troch in meiwurker fan de Omrin dy't fan efter it loket sei dat syn "reserveringsscherm" de hiele dei fol plant stie en sy mei harren bankstel der net tusken koene ??

Wylst sy noch by it loket stiene stoppet der in auto mei oanhinger by de poarte en de man ropt fanút de auto in postkoade út de gemeente Waadhoeke !, en ja de poarte gie iepen en menear mocht troch ride. Op de fraach wêrom dizze man út in oare gemeente wol sûnder reservering troch mocht wie it antwurd fan de meiwurker dat dit ûnderlinge ôfspraken fan gemeenten binne ??

Hjirop hat de famylje in mail stjoerd nei de Omrin mei hjir ûnder it antwurd

Alvast mijn excuus voor de late reactie. Ik heb de acceptant die achter het loket zit gesproken en in zijn reserverings scherm was alles vol gepland. Of de mensen dan wel of niet komen daar hebben wij geen invloed op en kunnen dan ook geen mensen die onder de gemeente Leeuwarden vallen toelaten.

Voor wat betreft de inwoners van de gemeente Waadhoeke die zonder reservering kunnen komen, dit is een afspraak tussen de Gemeentes, voor ons is het ook moeilijk uit te leggen aan de bezoekers maar het is niet anders. U zou uiteindelijk alsnog een klacht bij de Gemeente Leeuwarden kunnen neerleggen.

De overlast die u ondervindt van het verkeer is natuurlijk ergerlijk en lastig, maar daar hebben we ook iets aan proberen te doen door vakken op de weg te laten zetten dat je daar niet mag staan in de wachtrij die toegang biedt tot de Milieustraat.

Hopende u voldoende te hebben geïnformeerd.

Met vriendelijke groet,

Teamleider/Milieustraten Omrin.

image274011.png Postbus 1622, 8901 BX Leeuwarden

Hidalgoweg 5, 8938 BA Leeuwarden

Fragen fan de FNP Ljouwert,

- 1- Is it kolleezje der fan op de hichte dat de reserveringsplicht dy't ynfierd is yn de koroana perioade om by de "milieustraten van de Omrin" gjin eksessen ûntstean te litten noch hieltyd fan tapassing is ?
- 2- Is it kolleezje fan miening dat dizze regeling no noch tafoege wearde hat en nedich is?
- 3- Sa nee, wol it kolleezje yn oerlis gean mei Omrin om dizze regeling ôf te skaffen?
- 4- Kloppet it sa at Omrin seit dat minsken út oare gemeenten sûnder ôfspraak nei "milieustraten" yn de gemeente Ljouwert kinne?
- 5- Wie it kolleezje fan dizze bysûndere foarrangsregeling opè hichte?

- 6- Sa ja, fynt it kolleezje dizze foarrangsregeling foar minsken fan bûten ús gemeente rjochtfeardich tsjinoer ús eigen ynwenners?
- 7- Is it kolleezje ree dizze bysûndere foarrangsregeling foar minsken fan bûten ús gemeente sa fluch mooglik ôf te skaffen? (mocht de reserveringsregeling stân hâlde)

(As fraksje ferwachtsje wy gjin nee/ja antwurden mar antwurden mei in goeie ûnderbouwing)

Mei groetnis,

Jan-Willem Tuininga

Fraksjefoarsitter FNP Ljouwert